

Taspraak boek Friesland Vandaag, Sneek 10 mei 2017

Achte hearen Eekma en Koppen, achte oanwezigen,

Oer Fryslân reitsje minsken net útlêzen. Net allinne om't it ús einleas boeit en ynteresseart, ek om't der in soad oer te lêzen is.

Thús leit de nije ensyklopedy fan Fryslân. En no is der dit boek fan de hear Koppen, útbrocht út namme fan de Afûk. In organisaasje dy't - as âld-foarsitter en leafhawwer fan it Frysk - myn waarme belangstelling hat. It boek ha ik al efkes ynsjoen.

As der al safolle oer in ûnderwerp ferskynd is, bliuwt it knap om dêr noch wat nijs oan ta te heakjen. Dêr binne de Afûk en de hear Koppen harren fansels hiel goed bewust fan.

Wat Friesland Vandaag docht, is net allinne beskriuwe hoe't Fryslân wurden is wat it no is, mar ek wêr Fryslân de kommende jierren op lette moat. Dêrmei hat dit boek in oare diminsje as de ensyklopedy.

Tagelyk is it gjin pamflet, dat Fryslân in bepaalde kant út twinge wol.

Foar in pamflet is it ek wat oan de swiere kant.

It boek bringt moai nei foaren wat Fryslân sa bysûnder makket. It lânskip, de kultuer en de identiteit. Dêr moatte wy net allinne sunich op wêze, dêr moatte wy ek ús krêft oan ûntliene, lêze we.

Dêr kinne wy ek mear fan profitearje. Nim de ekonomy. Friezen diele de kultuer en de problemen dy wy hjir hawwe, konkludearret de hear Koppen. Dit soarget foar ferbining.

Wy begripe elkoar earder en stjoere der earder op oan om gear te wurkjen. Dat is ekonomysk relevant en soarget foar in eigen ekonomysk karakter, mient de hear Koppen.

'Teambuilding' is hjir folle earder dien as yn in gebiet wêr minder dielde wearden syn. Sa beskôge is dat in ekstra reden foar bedriuwen om hjir in fêstiging te hawwen. Njonken it feit dat Friezen troch har wenomjouwing en sûnens harren de lokkigste ynwenners fan it lân fiele.

Mar wy meie ús troch dy moaie wurden gjin sân yn de eagen struie litte. De skets fan de Fryske ekonomy dy't de hear Koppen makket, stimt net fleurich. Ekonomysk giet it matich en as wy der neat oan dogge, komt der ek gjin ferbettering yn. De eksport moat omheech, lêze wy ek hjir.

Ek al giet it no ekonomysk hjir wer wat better as doe jo in jier ferlyn de ynformaasje foar dit boek garje ha, dúdlik is dat it hjir net automatysk goed komt. Dêr moatte wy mei ús allen hurd oan wurkje.

It Fryske 'agrifoodcluster' springt der krekt wol wer posityf út, al moatte wy soargje dat de set-ierappelsektor syn wichtige ynternasjonale posysje behâldt. Gelokkich sette wy dêr op yn. Dit boek is dêrfoar in ekstra oanmoediging.

Wurkgelegenheid is ek it ûnderwerp dat de heechste prioriteit krijt fan de Fryske befolking, die ferline wike bliken út in enkête fan it Frysk Sosjaal Kultureel Planburo. It stiet fier boppe-oan. Dat fine we hjir hiel wat wichtiger as op oare plakken yn ús lân. Sûnensoarch en sosjale sekerheid stean lânlik op nûmer ien.

Hjir komme nei wurkgelegenheid ûnderwerpen as krimp, gaswinning, Fryske taal en kultuer en it lânskip.

Dames en hearen,

De soarch oer it lânskip komt fansels ek yn it boek werom. Wy binne útroppen ta de moaiste provinsje fan Nederlân, krekt om't wy it lânskip hjir better hawwe witten te behâlden as yn oare provinsjes.

Mar dat mei gjin reden wêze om efterútgong te akseptearjen. Want de wurdearring foar it lânskip is ien fan ús sterke kanten.

Dêrom is it dat diskusjes oer greidfûgels en skaalfergrutting yn de lânbou hjir ek op safolle belutsenens rekkenje kinne.

De Fryske taal komt fansels ek oan de oarder. Sels bin ik dêr minder pessimistysk oer as ik wol ris om my hinne hear. De taalkursus by de Afûk bliuwt populêr. Nei tsien jier ôfwêzichheid hear ik noch hieltyd in soad Frysk om my hinne. Ynwenners moedigje my krekt oan om it Frysk te brûken.

De taal bliuwt bestean. Lykas as ús lânskip en ús kultuer en identiteit. Wy moatte wol soargje foar ûnderhâld en stimulearring fan positive ûntjouwingen. Want sa hâlde wy ús spesifieke Fryske ekonomyske karakter. Dêrfoar hâldt dit boek ús by de les.

It helpt ús tinken fierder. Dat soart fan boeken kinne der net genôch wêze. Dêrom is it dat ik jo út namme fan Fryslân tank sizze wol foar Friesland Vandaag.